



kollum
Marike Pool

Dûbeldekker-kondukteur

Einlings, nei in jier op en del reizgjen, sit ik op keamers. As je de kondukteurs fan NoordNed al by de foarnamme kenne en witte hoe't it mei har bern is, dan is it tiid om ris fan trajekt te feroarjen. It leafste hie ik it hielendal sûnder iepenbier ferfier steld, ûnder it motto: alles of neat. Mar yn it nederige stedsje dêr't ik studearje, wie gjin

F.O. 11-02-2004
keammerke te besetten en sa bin ik tweintich minuten fierderop telâne kaam. En eins fyn ik dat net iens sa slim. De NS is altyd in goed ekskús at je te let yn de klasse komme. Elts hat der begryp foar. Al moatte je gjin klasgenoaten út deselde rjochting ha dy't wol op tiid binne. Mar gelokkich binne dy der net safolle. As soarte fan bonus hat de NS op myn nije trajekt echte dûbeldekkertreinen ynset. Sjoch, dat ha se by NoordNed net.

Mar it oerskeakeljen fan in oere yn de trein nei tweintich minuten is eins best wol hurd oankaam. Koe ik normaal moarns noch maklik de sliep ynhelje dy't ik dy nachts mist hie, no helje ik dat net heal. Tsjin de tiid dat ik krekt in bytsje weisakke bin, kin ik al wer útstappe. En dat wylst ik no, op keamers dus, dy ekstra sliep mear as oait tefoaren brûke kin. Noait tocht dat der sa'n soad tiid yn socializing sitten gong. Seker at je in nij netwurk opsette en ek nochris it âlde ûnder-

hâlde moatte. Je komme hast tiid te koart om te studearjen. Koe ik normaal moarns betiid yn de trein noch in tentamen leare, dat sit der no ek net mear yn. Myn sifers binne mei de faasje fan in TGV nei ûnderen flein. Ik sit der swier oer te tinken om in 'snelleescursus' te folgjen, sadat it my miskien dochs slagget en studearje oer in pear jier ôf. No kin ik krekt de SPITS en de METRO lêze en dan hâldt it wol op. Mar it alderslimste fyn ik noch wol dat de kondukteurs op dit trajekt gjin gefoel foar humor ha. Noait wer: "Leeuwarden eindpunt van deze trein, tevens het einde van de wereld." Of: "Denkt u bij het verlaten van de trein aan uw bagage en neemt u deze ook mee." Nee, fan in grapke ha dy dûbeldekkerkondukteurs fan 'e NS noch noait heard. Om earlik te wêzen: ik bin ûnwennich en dus slacht de twivel ta: sil ik mar wer thús wenje?

boekenijis

Debútbondel Foppe Venema

Aanst yn 'e Fryske boekewike komme der hiel wat nije boeken út. Ien dichtbondel kipet der daliks út; sawol wat formaat as kleurich foto-omslach oangiet. It is de fersbondel 'In slach om 'e pleats' fan Foppe Venema. By in dichtbondel mei sa'n namme ferwachttest no ienris net in bûtelânske fakânsjefoto dy't sa't liket sa'n tritich jier lyn makke is. Mar it makket wol nijsgjirrich fansels.

De dichter waard yn 1961 berne te Ousterhaule. Sûnt 1993 wennet er yn Frankryk, dêr't er as learaar ierdrykskunde en skiednis ferbûn is oan in ynternasjonaal museum yn 'e omkriten fan Genève. Hy wûn twa kear in Rely Jorritsmapriis.

De fersen yn syn debútbondel binne koart, sûnder omhaal en skreaun mei in humor dy't ferpakt sit yn alderhanne wurdboarterijkes. Hy brûkt selsspot oer syn dichterwêzen, û.o. yn it gedicht *Vercors*.


Op trochreis yn it súd
skynt de sinne sa brút
dat sels it fersrym slút
as in blyndearre rût.

Yn wer oare fersen ferbasteret er siswizen ta nije fynsten. Lykas yn *Romtereis*. Je moatte dan fansels wol witte dat der yn 'e Haske in baarch yn 'e beam hinget.

Wol sa aventoerlik
as it rinnen op 'e moanne
is in fytstocht mei dy
troch De Haske en De Hoarne.

Ienris foarbyriden
oan bargaen yn 'e beam
kriemt fansiden
it wetterlân, de dream.

Sa ek yn it fers *Betinkingsdei*, dat einiget mei in tige frije ferzje fan in oar besteand Frysk liet, dat jo der samar úthelje kinne.



'No't it jak my wiet omklammet,
is 't mei sizzen net te dwaan.
Dêr't it Klif sa read opflammet,
wol ik dy in tútsje jaan.'

Wieke de Haan